



Doaitse mei da Noardske balke : Frîsk lieteboek

<https://hdl.handle.net/1874/234313>

DOATSE MEDE NOARDSE TAALK

FRYSK LIETBOEK

TEEN

WALING DIKSTRA

DRF

2



mm 10734

147

D


39


HP2

151

W. H. Mason.

Calhoun, Dec '97.





DOAITSE MEI DE NOARDSKE BALKE.

Frysk Lieteboek fen Waling Dykstra.

op muzyk set fen
R.v.d. Velde G. KOSTER. Ljouwert.


Sawling: Alle Douwes.
N^o 31.




For Fryslân taal en
freije Fryskesin.


DOAITSE MEI DE NOARDSKE BALKE.

Ta in Finkstien
for Alle Douwe Bakker,
berne to Lappun, 14 Septimber 1909,
forstoarn to Amsterdam, 22 Junii 1920.



D. K. Bakker
berne to Makkum,
27 Februaris 1884.





Doaitse mei de Noardske Balke.

Frysk Lieteboek fan Waling Dykstra.

Op muzyk set fan G. Koster.

Provinciale Bibliotheek van Friesland
Samling Alle Douwes
In bruikleen aan U. B. Utrecht

Foarwird.


Dit lieteboekje is for 't earst yn 't ljocht jown yn 1848, mei 13 sangkjes der yn. It wier 't earste wirk, dat ik op myn eigen houtsje yn 'e wrâld stjûrde — en 't like goed yn 'e smaek to fâllen, hwent in pear jier letter koe it op 'e nij útjown wirde, formeardere mei in stik of saun sangkjes. En yn 1853 kaem de trêdde druk mei 28 stikjes. Sint is 't boekje hwet yn 't forjitten rekke. Och ja! fen de ljue, dy't hjarren der mei formakke ha, do't ik yette feint wier, lizze nou al in hiele boel yn 't grêf.

En nou op myn âlde dei waard ik yn steat steld, om it for de fjirde kear út to jaen. Nou ha 'k de sangkjes allegearre yetris nei-sjoen, ek hwet forhimmele, en sommigen hwet ynkoarte. In sangkje is gauwer to lang as to koart. Ek ha 'k in stik of trije, dy't nei myn bigryp skoan mist wirde koene, der út smiten en oare dêrfor yn 't plak set. De wizen, dêr 'k myn sangkjes op makke ha, binne allegearre net mear algemien bikend. Dêrom ha wy der nou wizen op noaten boppe set; sa kinne se for 't forjitten biwarre bliuwe. Disse binne hwet oars as de âlde, mar dy't de âlde yet kin, mei him frij dêroan hâlde; dat is net forbean.

Nou seil der licht frege wirde kinne, ho't ik by de namme fen 't boekje komd bin. Hwent de measte ljue fen disse tiid witte grif net hwet in noardske bâlke is, al ha se 't wol yn 'e rekken, dat it in spylwirk wêze moat. Ja, yn myn jonges-jierren fortelde myn pake wol, dat er foar myn tiid soms in earm man by de huzen lâns kaem mei in noardske bâlke. Dy hied er op 'e knibbels lizzen en den spile er der op mei in pinne, in pylk út in goezzewjuk, dêr't se yn 't foarige ek skrijuwpinnen fen makken. Der moatte op sa'n spylwirk, dat meast op in citer like, in stik of fiif koperriedden snaren sitten ha. Yn 't Frysk Museum fen Aldheden binne âlde noardske bâlken to sjên, mar dêr misse de snaren ôf. Yn 'e Lapekoer fen Gabe Skroar wirdt de noardske bâlke ek neamd. Sjuch Halb. Rimen ind Teltsjes, 2e druk, 51a. En jimme kinne der hwet fen lêze yn myn boek: *Uit Frieslands Volksleven I*, 378, 379.

Holwert, 1897.

WALING DYKSTRA.



CHRISTOFFEL KOSTER.

1841—1897.

Nou't Doaitse mei syn Noardske Bâlke yet'ris de wrâld yngiet, om by de Friezen de fleur der yn to bringen of to hâlden, nou is hjir in wîrdmennich oer de man, dy dit wirk mei klear makke, tige op syn plak. To mear past it om him hjir to betinken, nou't de dea sa hommels kaem om it „finis“ efter syn muzikale arbeid to setten, do't to nauwerneed de lêste hân oan dit wirk lein wier.

Hwa koe yn Ljouwert „master Koster“ net, hwat muzykfeest ef útfering wier er, hwêr hy net by fen tsjinst wêst hie?

Christ. Koster, soan fen Hindrik Koster, skoallemaster, en Elisabeth de Vries, wier de 31ste Augustus 1841 to Snits berne.

Syn earste ûnderrjocht yn 'e muzyk krige er dêr fen de hear Veltz, oargenist fen 'e greate tsjerke. Do't Koster 12 jier wier, waerd syn heit haed fen in skoalle to Harns, en hy sette do syn stúdsje yn 'e muzyk foart by de oargenist fen 'e Minniste tsjerke, de hear v. d. Dussen. Les op 'e fyoele krige er by de hear Fliedner. Mei 18 jier helle Koster de ûnderwizers-akte en krige plak oan 'e skoalle fen 'e hear Zuidema to Harns. Do't er 23 jier wier, helle er de akte as Hoofdonderwizer en by syn earste sollicitatie yn 1864 krige er de skoalle to Idaerd. Yn 1871 waerd er as Haed fen in skoalle to Ljouwert bineamd. To Idaerd al hie er him folle mei de muzyk bimoeid. Hy rjuchtte er in Sjongselskip op en de rederikerskeamer „de Vriendenkring“.

To Ljouwert wier der hast gjin forieniging op it gebied fen muzyk en sang, hwêr Koster net mei yn siet. Sa wier er lid fen it *Ljouwter Mannenkoor*, direkteur fen 'e ôfdieling Sang fen v. *Halmaël*, fen it damessjongselskip *Euterpe*, de *Folkssangskoalle*, it sjongselskip *U. D. I.*, it Christelik sjongselskip *Halleluja*, it Evangeliske sjongselskip, de sjongskoalle fen it Nut, it koar fen 'e doopsgesinde gemeente, it selskip *Harmonie* to Harns, en ûnderdirekteur fen *Concordia*.

In hopen stikken hat Koster componeard for de Selskippen, hwêrfen hy de lieding hie en in bulte toanielstikken foarseach hy fen 'e muzyk. Tige bikend binne syn Feestcantate, yn 1876 op it Floraliafeest to Ljouwert songen; syn wals, hwêrfen hy ek de wîrden makke, letter oerset yn 't Frysk troch Piter Jelles, de muzyk út 'e operette Maskerade, fen 't Ljouwter Toanielselskip opfierd.

Net folle fen Koster syn compositie's binne printe. Inkelden lykwols binne tige bikend, lyk as: Gymnastensangen en f'ral it „*U onzen groet*“, de keninginnen tasongen to Ljouwert yn 1892.

Ek as skriuwer hie Koster fortsjinsten. Op Nutsgearkomsten en for 't „Volk“ joech er faek syn novellen to hearren.

It hoecht yen gjin nij to dwaen, dat Koster earelid waerd fen forskate forienigingen, ûnder oaren fen 'e gymnastykforieniging F. L. Jahn, it Ljouwter Toanielselskip, it Selskip for Fryske Tael- en Schriftenkennisse en de Israëlitische forieniging „Vriendenkring.“

Sa wier K. swietsjeswei de man wîrden, hwêr min help nedich wier ynsake muzyk, en nea kaem min by him foar 'e winige doar. Hy stie altyd rê om to helpen. In hopen dingen wierne der yet, hwêrfor min op syn stipe rekkene. Mar de dea sei „hou!“ — en de heit ontfoel oan syn swier hûsgesin en in ûnmisber man oan safolle selskippen. De wrâld seil syn gong wer gean oft er neat bard is — sa is it nou ienkear, mar faek seil min Koster's gemis hjir en dêr fiele.

Wy mienden dat foar syn lêste wirk, flak foar syn dea to'n ein brocht, in lyts oersicht fen syn libben en stribjen net misse mocht, en wy jouwe it dêrom hjir in plak mei in wîrd fen oprjuchte forearing fen syn neigedachtenis.

DE UTJOWER.

N^o 1 DOAITSE MEI DE NOARDSKE BALKE.

SANG.

Moderato.

m. f.

PYANO.

m. f.

Mei de pin poen

ik myn sna - ren, Sjongend reisgje 'k troch de wrâld, Nei in lib - ben fol ge - fa - ren.

Ik en 't spyl-wirk wurde al âld, Mar myn sangkjes bin - ne nij. Feinten, fammen,

hear nei my! Feinten, fammen, hear nei my!

2
 Eartyds hellen de âlde skalden,
 Krychsmansdieden op mei njue.
 Ik sjong net for stoere helden,
 Ik sjong for de jonge ljue;
 Ik sjong fen de frijerij,
 Feinten, fammen, hear nei my!

3
 Hwêr 't yet echte Friezen binne,
 Fen 't âlddrêge súvre laech,
 Frysk fen holle, Frysk fen sinnen,
 Heart min al hwet Frysk is graech.
 Dêrom sjong ik vrij en blij,
 Feinten, fammen, hear nei my!

4
 Sjong myn sangkjes, sjong se folle,
 As jim nocht oan sjongen ha.
 Mochten jimme dat net wolle,
 Doch er den it harkjen ta.
 Ik seil sjonge en spylje er by,
 Feinten, fammen, hear nei my!

N^o 2. FRIESLÂN BOPPE!

Allegretto. *m. f.*

Fen alle lân - nen op 'e'

wrâld Is 't Frys - lân dêr't ik meast fen hâld. Hwêr 't oa - ren ek op rom - me, Op frucht b're fjil - den

rom - me wy. Op blin - kend noat, op glêd - de kij, Yn grei - den moai bi - blom - me. Op frucht b're

fjil - den rom - me wy. Op blin - kend noat, op glêd - de kij, Yn grei - den moai bi - blom - me.

Fen alle talen op 'e wrâld,
Seil 'k Fryslân's sprake, ryk en âld,
Altiden meast biminne.
Lit tollen dêr op smeule en dwaen,
Dat is dy ljuwe ta te jaen,
Omdat se ús tael net kenne.

De seden fen in echte Fries,
Binn' 't dy ik fier boppe oaren kies;
O, mocht ik him mar lykje!
Ienfâldich, sonder wyn en blast,
Rjuchtút en plat; in franske kwast
Moat for in Stânfries wykje.

Oeral binn' fammen, kreas en blier,
Mar k hâld it mei de fryske fier,
Dy 't, sonder falsk to flaeijen,
Binn' gol en frjeonlik út er aerd
En fij fen laf onskiklik praet,
En sedich yn hjar klaeijen.

Ja, reisgje frij de wrâld yn 't roun,
Hwêr wirdt in twade Fryslân foun?
Wy doare drystwei roppe:
Us âlde Fryslân spant de kroan,
Gjin lân op ierde komt dêr oan,
Wy sjonge: Fryslân boppe!

N^o 3. MYN MARIJ.

Moderato.

mf

Dêr yn dat tropke beam-men, Dêr stiet dy âl-de toer, De

protters en de douwen Dy fleane er om en oer. De protters en de douwen Dy fleane er om en oer.

2

Dêr yn dat lytse húske
Mei 'n esken beam er by,
Mei 'n draeijer op 'e skoarstien,
Dêr wennet myn Marij.

3

Dêr jinsen yn 'e finne
Dêr rinne trije kij,
In mûskleur en in swarte
En ien wytbonte er by.

4

Dat binn' hjar heite bisten,
Dy melkt hja twaris deis.
Ik sjuch hjar den wol skreppen,
Ik sjuch hjar eltse reis.

5

En sneintojouns nei meltsen
Forklaei ik ringen my,
Sa kwikker en sa krudich,
Den gean ik nei Marij.

6

Ik stap it gea den binnen
Sa proastich as ik mei.
Den sjugge my de fammen
Sa spitich efternei.

7

En kom ik den to hjarres,
Den stiet de stoel al ré;
Den krijt se 'n piip fen 't rekjen
En is sa op hjar dré.

8

In wyt porsleinen reauke,
In kopke mei in ear,
En mei forgulden lêzen
Het hja den for my klear.

9

Den binn' hjar âlde ljuwe
Sa yn hjar skik mei my;
Hja wolle 't graech sa habbe
Dat ik hjar dochter krij.

10

Dat scil yet ek wol wirde,
Hja het my 't wird al jown.
Ik hoopje takomm' Maeije
Den wirde wy forboun.

11

Ik wol in húske hiere
En ek hwet lân der by;
En dêr scil ik den wenje
Yn frede mei Marij.

N^o 4. RUERD.

Allegretto.

mf

Lang lês - ten op in

snein - to - joun Kaem Ruerd de bûr-ren yn, Hy hie in blau - we ski - ne roan, By Haeit - se

Nijboers Tryn. Hy wie sa min to moed, Hy hie 'r him net for hoed, *mf* Hy mien-de

dat er wol - kom wier, En dat bi - sloech sa tajoed. En dat bi - sloech sa tajoed.

Hy roan hwet sleau en hie net graech
 Dat immen him fornaem.
 Fordeald! dêr hearde er eft'r 'e haech
 De klachten fen in faem.
 En hwet dy fryster sei
 Dêr harke Ruerd ris nei;
 Sa waerd er gau der mei bikend.
 Hwet hjar op 't herte laei.

„Sa bryk! dat my elkien forjit;
 Ik moat 'al wer nei bêd,
 Wyls 't mannich faam hjar patsje lit.
 'k Bin jong en flink en rêd;
 Hwet skeelt der dôch oan my?
 Dat 'k noait in frijer krij.
 Bin 'k sa 'n ein minder as in oar?
 Dat docht my bare nij.”

Dit hearde Ruerd en 't griisde 'm sa,
 Hy tocht net mear om Tryn.
 „Kom fanke,” sei er, „wotte 't ha,
 Den gean 'k hwet mei dy yn.”
 Dat wier yn ienen klear.
 En 't bleau net by dy kear;
 Mar sauntsien wike wie 't dêrnei,
 Do wieren se al in pear.

N^o 5. IEBEL OP 'E DILLE.

Fleurich. mf

In fleurich jong famke, sa

kreas en sa kein, Dy wie ris oer iis nei de Dille ta tein, Om dêr op 'e baen Bi-wi-zen to

jaen, Ho tige op 'e redens hja mei wist to dwaen. Om dêr op 'e baen Bi - wi - zen to jaen, Ho

tige op 'e redens hja mei wist to dwaen.

2

3

4

De kjeld fen 'e winter dy lette hjar neat,
 Mar kleurde hjar mûtele wangen sa read;
 Sa read en sa bol,
 Hja kipe sa gol;
 It libben, sa 't like, dat lêste hjar wol.

Hja stie op 'e redens sa flink as in man,
 En sloppens yn 'e ankels dêr wist se net fan.
 Elkien dy 't hjar seach
 Mistroute syn each
 As hja sa fûleindich oer 't iis hinne fleach.

Al stricken de feinten der oer as de wyn,
 Hja ried se wol sniedich fen efteren yn.
 „To heite, liz op!”
 Wie den hjar gerop.
 Soms fierd' se de feinten omtrint oer 'e kop.

5

In feint wie greatmoedich en tige op 'e tried
As Iebel in poaske mei him baentsjeried.

Mar praette hy hwet

Fen dit of fen dat,

Den striek se er wer hinne sa rêd as in kat.

6

Hja sei yn hjar eigen: „Mar gjin frijerij!
Mei elk hwet to riden dêr hâld ik my by.

Hwent lient min it ear

Oan frijerspetear,

Den het men yens frijdom safolle net mear. ”

7

Mar dôch as se Wiger ta foarrider hie,
Wie 't siker as 't riden hjar better foldie.

Den gyng it sa rêd,

Den gyng it sa glêd,

Mei Wiger to riden dat waerd se net sêd.

8

En do 't se mei Wiger alwer efkes ried
Loek hy hjar fen siden en praette sa swiet.

„Ei fanke,” sei hy,

Bljuw nou mar by my.

Ik mien it sa fiks en sa tige mei dy.

9

Hja skodholle „né!” en gyng wer op reed,
Mar Wiger hie lykwol hjar skielik wer beet.

Do weeg're se 't net

Hwent hy hie hjar 't hert

Al swietwei bigûchle, al miend' se fen net.

10

Hja hiene togearre do nocht by de rûs,
En Wiger brocht Iebel de jouns ek nei hûs.

En hja liende 't ear

Oan Wigers petear,

En do hie se foartoan hjar frijdom net mear.

Nº 6. DE LÊSTE WEIDE.

Helder - op.

f

Kom frou, de panne moat to fjûr! De

f

lêste weide hea komt oer! Nou kin 't foarsiker lije, Nou kin 't foarsi-ker lij-e. Dat wy, nei d'âlde boere-

wet, Ris hâlde in rjuchte boere-pret, En joun ris spekstrou krij-e, En joun ris spekstrou krij-e.

2

Hwet ha wy al in drokte hawn;
 Hwet ha wy helle en skoerd op 't lân,
 Dy 't hirdst koe wie de bêste.
 Wy krigen sa for 't ljeave fé
 In fikse wintertarring ré.
 En nou kinn' wy wer rêste.

3

Nou binn' de feinten ek wer bliid,
 Hwent rint it drok mei de ongetiid,
 Den is 't gjin tiid fen frijen.
 't Fortrette wis de fammen ek
 Om yn in hele lange rek
 Gjinn feint oan hûs to krijen.

4

Hja kinne nou wer wille ha
 En ride nei de merken ta,
 Nei 't Bil of nei de Wâlden.
 Nou komme er skielik for de boer
 In hopen fiere migen oer,
 Om frjeonskip t' onderhâlden.

5

Ja, de ongetiid is wer biredt,
 Dy 't mannich switdrip koste het.
 Nou kin 't in sangkje lije;
 Nou is 't in feestdei for de boer.
 Kom frou, de panne moat to fjûr!
 Meits dat wy spekstrou krije.

N^o 7. DE MOAISTE FAEM FEN RYPSTERMERKE.

Walstempo.

mf.

Rypster-mer-ke wier yn'tlân;

Fam-men kuiren hân oan hân; Dy'tsa lang dy tiid forwach-ten, Fol fen fleurige ge-dach-ten.

O, hwet wie 'r oan 't pakje naeid, Dêr 't min nou sa kein yn draeit, Dêr 't min nou sa kein yn draeit.

Tsjaltsje, dat in skroarke wie,
Dy de moade fiks forstie,
Dêrfen joech se kleare bliken
Troch hjar sierlik op to striken,
Kaem nou yn hjar nije klean
Ek yn Rypstermerke gean.

Do 't se fen hjar kinde foun
Kuire hja de merke roun.
Elk hie oan ús Tsjaltsje niget.
„As dy joun gjin frijer kriget,
Komme er stielich mear sa wei,”
Waerd er jimmer fen hjar sei.

Hwa 't him dêrfor earst oanbea?
Eabe, kreas fen liif en lea.
Eabe wie hwet mansk yn 't frijen,
Wist fen praten en fen swijen;
Mar hwet gaven Eabe het,
Tsjaltsje woe mei Eabe net.

Is se 't wol of is se 't net?
Sjuch ho trinten as se trêdt!
Scoe se net op aeijen rinne?
En hwet blinkt dat yn 'e sinne!
Feinten, lûk jimme yn 'e pet!
O, forniel jimme eagen net.

Ja, hja moat in frijer ha.
Mar hwa moat dêr wol op ta?
Nimmen hoeft dêr oan to toarnen
As foarname boeresoannen.
Scoe se mei in boerefeint?
Né, dan wie hjar eare skeind.

Sjoerd brocht hjar syn súpke ta,
En hy streake en flaeide sa.
Hy woe Tsjaltsjes frijer wêze,
Mar hy koe hjar net bilêze.
Sjoerd syn súpke smakke goed,
Mar de faem woe net mei Sjoerd.

Tsjaltsje waerd al oars yn 't liif.
Tsjaltsje dounse yet ris fiif,
Mar waerd fen gjin ien mear frege.
Hja seach al tofolle om hegen
En koe mei hjar moaije klean
Liddich fen 'e keamer gean.

Suver neat ontbriek er oan,
Tsjaltsje spande fier de kroan.
't Wier in skrik for oare fammen,
Hja makke elk en ien biskamme,
Hwent hja wie de moaiste faem
Dy 't yn Rypstermerke kaem.

't Kuirjen hâlde dêrmei op,
't Jongfolk gyng de keamer op,
Dêr 't de spylman ivrich roste
En min dounse dat it kloste.
Tsjaltsje stie mei 'n hele heap
Krekt as mieren op 'e keap. (2)

Sije kaem ek út 'e hoek.
't Wier in feintstje deun en kloek,
Sa dat elk en ien wol wiste,
Sije hie hwet yn 'e kiste.
Mar ho 'n sparpot Sije het,
Tsjaltsje woe mei Sije net.

Fryske fammen, hear myn rie:
Doch net lyk as Tsjalstje die.
Wol gjin feinten steech forachtsje
As se goed hjar plicht bitrachtsje.
Wês net great op moaije klean,
't Mocht jimme ek as Tsjaltsje gean.

In mûslyndeinen jak
Mei de mouwen near en strak.
Skoentsjes dy 't as spegels blonken,
Bântsjes om hjar kreaaze skonken (1)
En in siden skeldoek foar:
Nou, hwet wie 't in moaije skroar.

Tsjaltsje kipte er hjar hwet út.
Mannich frijer naem 't bislût:
't Búsild for de merk bisparre
Woed er mei dy faem fortarre,
Hwent de measten hâlden hjar
Boppe de oaren fier for kar.

Hja woe mei in boeresoan.
Mar dy seagen hjar pas oan.
't Kaem ek einlings sa fier hinne,
Dat in faem net mear allinne
Op 'e keamer wêze koe,
Dy 't gjin slierke hjitte woe.

(1) Om 1845 hinne, do 't dit sangkje makke is, hiene de frouljue yn 't boerelân hjar klean efkes koarter as nou. Pronkske fammen kamen do wol ris foar 't ljocht mei snikwite hoazzen oan en lege glêdde skoene. En den hiene se yn 'e hoeken fen 'e skoene donkerblau-siden linten fêst-makke, dy laeijen krúslings oer 'e foet en wieren fierder-op om 'e skonken woelle.

(2) Sjuch myn boek: *Uit Friesland's Volksleven*, I. 282. 283.

№8. IT DOARPSLIBBEN.

Allegro Moderato

mf. Wy libje rês - tich

yn ûs gea't Scoe mannich - ien for - tret - te; En neamde ûs doarpke stil en dea. Wy achtsje dat in

lytse skea, 't kin ûs net folle let - te, 't kin ûs net folle let - te.

2

Hwet yn 'e wrâld soms barre mei
En hwet der wirdt foroare,
Neat sonders komt ús hjir bynei,
Neat wonders bart hjir; de iene dei
Dy liket hjir oan 'e oare.

3

Twa rigels beammen heech fen top
Stean om 'e tsjerke hinne.
Dêr stekt de toer syn grize kop
As allemanne baes út op,
Fen gib en ka biwenne.

4

En om ús hinne sjugge wy,
Hwêr 't mar ús eagen komme,
Yn pleats fen stedske prealerij,
Grien lân, mei hynsders, skiep en kij,
By 't simmer moai biblomme.

5

Moarns as de sinne yn 't easten gloert
Klinkt ús 't gesjong yn 'e earen
Fen fûgelgûd, dat docht ús goed.
De wirkman giet nei 't fjild mei moed
Om jouns werom to kearen.

6

Stil is 't de hele dei yn 't roun.
't Scoe mannichien net smeitse.
Mar is sa 'n dei bynei forroun,
En is 't in moaije simmerjoun,
Den kin' we ús wol formeitse.

7

In bûrman hinget oer de doar
En yet in stik twa trije
Gean tsjin 'e mûrre oan stean to skoar.
Hja prate den hwet mei elkoar,
Sawol oer 't âlde as 't nije.

8

De wyfkes sitte by 'noar smúk
To naeijen of to breidsjen.
Om by 't forsetten fen in broek
Of 't seamjen fen in nije doek
Hjar nijsjes oer to eidsjen.

9

De bern — hja binne er by de rûs, —
Dy boartstje dêr om hinne.
Op 't lêst ropt mem hjar yn 'e hûs,
Den siikket elk syn eigen klûs,
Of 't heideskiepkjes binne.

10

Sa giet it libben hjir syn sin
En jout gjin stof ta grinen.
Elk het it ridlik goed nei 't sin,
En nimmen het der oanstriid fen
Om mear kryoel to finen.

11

En hwêrom dat sa wêze mei?
Dat 's maklik to biskrjuwen.
As immen hjir yn 't widske lei,
Den het er licht er frede mei
Hjir libbens-lang to bljuwen.

It doarpke Spannum, dêr 't ik fen 1840 ta 1855 wenne, wie
oan 1862 ta mear as helte lytser as nou. It laei do midden yn
't lân en hie gjin rydwei. Boerereden lâns koene min fen
twa kanten mei in rydtûch oan 't doarp ta komme, mar
der net troch of om hinne.

No 9. MOAI ANKE.

Allegro



Moai Anke wie traech en oer - langsum foar - hin - ne, Hja stiek ljeafst gjin hân út 'e

mou - we. Hja liet hjar yn - skik - li - ke mem mar al - lin - ne It hûswirk bi -

skrip - pe en bi - klau - we, It hûs - wirk bi - skrippe en bi - klau - we.

2

3

4

Moai Anke wie pronksk en ynfieren foarhinne,
Deis twakear in skoft hie se klaijen,
En liet hjar ynskiklike mem den allinne
Mar sitte to lapjen en naeijen.

Moai Anke wie wyld en útflechtich foarhinne,
Greach roan se moai klaid op 'e bûren.
Den wie hjar ynskiklike mem faek allinne
Jouns let yet oan 't skrippen en skoerren.

Moai Anke wie sljucht om 'e feinten foarhinne,
Dy koe se yn hjar wêzen net litte.
Hja malfarren mei hjar en dat wie 't allinne,
By 't einsluten lieten s' hjar sitte.

5

6

Moai Anke waerd âld en hja sit nou allinne.
Hjar goedlike mem kaem to stjerren.
En Anke hjar moaijens en glâns fen foarhinne
Ontfoelen hjar krektlyk as fearren.

Moai Anke is yn 't leech en hja stekt nou allinne
Fen earmoed de hân út 'e mouwe,
By ljue, dy 't se noaswiis forachte foarhinne,
Mar nou hjar meilijich hwet jouwe.

No 10. FERWERS - SANGKJE.

Heider - op

f Ik bin ferwer, ik bin striker.

Strike moat ik dei by dei. Mar ik wird nin gre - vel riker, Ho 't ik my ek war - re mei.

'k Stryk en smar sa - folle 'k kin, Lykwol blijw ik hwet ik bin, Lykwol blijw ik hwet ik bin.

2

'k Skyn de kinst net goed to kinnen
Hwent ik wit it al to klear,
Dat der folle strikers binne,
Dy 't mar spylje for mynhear;
Dy 't it mei hjar strikerij
Folle better giet as my.

3

Domme gekken, greate skurken,
Fynt min oeral yn 'e wrâld;
Stroef binne alle minskewirken
As min dy tsjin ljocht op hâldt.
Strikers geane dêr by lâns
Mei plemuersel en mei glâns.

4

Wotte goede dagen slite
Sonder folle wirk to dwaen,
Lekker drinke, lekker ite
Sonder folle jild to jaen;
Strykin rike sule mar
Goed mei huning, smarre, smar!

5

Wol soms immen sollestearre
Om in post dêr 't fet op sit;
Och, hwet baet him deugd en eare
As er fen gjin striken wit?
Kin de rêch net yn 'e bocht,
Al syn flyt is om 'e nocht.

6

Janbaes, dy 't him faek by kaerten
En de romer fine lit,
Wit oer 't goede moai to praten
As er by syn moaike sit.
Janbaes hopet: ier of let
Erft er licht fen moaike hwet.

7

Sjirkboers jonge krijt op skoalle
Nou en den in earepriis,
En 't is dôch in domme koalle;
Master is ek wol sa wiis:
Mar dêrtroch het de âlde boer
Gau ris hwet for master oer.

8

Jonker Sjuck woe 'r noait fen hearre
Om nei godstsjinst him to jaen.
Lykwol do 't er kaem to stjerren,
Doomny moast in lykpreek dwaen,
En de jonker, dat stie fêst,
Hie de bêste kristen wêst.

9

Greate en lytse hânneldriuwers
Jout it striken faek gewin.
Boek-opstelders, kranteskriuwers
Binne ek yn dy kinst net min.
O! dy strike 't swarte wyt,
Al is 't noch sa 'n grouwe fyt.

10

Mar dat rjuchte sljuchte ljuwe,
Net op liepens gau birêdt,
Jimmer by de hoanne bliuwe,
't Komt hja kinne 't striken net.
Sjuch, dit siz ik nou for 't lêst:
Nije kwasten strike bêst.

N^o II. DE ANGELFISKER.

Wals-tempo.

mf.

Op in sim - mer-moarn bytiid

Foer ik mei myn boat - sje, Om to fis - kjen, oer it wiid, En ik song sa bliid.

't Wie sa 'n al - der - ljeafste moarn, Al - les la - ke blier my oan. Fleur en lib - ben wie 't rounom,



En it hert wie my sa rom, Fleur en lib-ben wie't rounom, 't hert wie my sa rom.

2
 'k Skau myn skipke troch it wiet
 Nei de hege reiden,
 Dêr 'k myn angel sakje liet,
 Wyls 't ik loerkjend siet.
 'k Seach wol tûzen fiskjes dêr
 Boatsjend silen hinne en wer.
 Mar ik kaem net ta myn wyt,
 Hwent ik krige heel gjin byt.
 Mar ik kaem net ta myn wyt,
 'k Krige heel gjin byt.

6
 „As 'k it nou mar driuwe lit
 Scil 't him sels wol rêdde,
 En as ik hwet by jo sit
 Giet it better yet.
 't Boatsje hinget oars to skean;
 't Wetter komt al oan jou klean.
 En as 't al to rimpen giet
 Wirde jy tofolle wiet.
 En as 't al to rimpen giet
 Wirde jy to wiet.”

3
 'k Sloech ris fjûr en stiek ris oan.
 Do kaem dêr in famke
 Troch it lân en op my oan
 En sei my: „Goê moarn!”
 Hja kaem my sa hommels oer,
 'k Wie der siker fen oerstjûr.
 'k Wist net hwet ik kaem to sjên,
 Hwent it wie sa 'n aerdich bern.
 'k Wist net hwet ik kaem to sjên,
 't Wie sa 'n aerdich bern.

7
 „Fisker, fisker, meitse spoed!
 'k Mei gjin tiid forlieze.
 Ik moat mar ris oan 'e kloet,
 't Giet oars sa net goed.”
 En do joech se 't boat in trieuw
 Dat it nei de wâl ta dreau.
 Mei in sprong en mei in wip
 Wie dat fanke al út it skip.
 Mei in sprong en mei in wip
 Wie se al út it skip.

4
 Mei in frjeonlik lûd bigoun
 Hja tsjin my to praten.
 „Fisker, 'k ha my hwet forroun,
 Ha 'k sa just bifoun.
 Set my, as 't jo bljeaft, ris oer,
 'k Moat dêr nei dy neiste boer.
 Oars ma'k jinsen oer dat set
 En den kom ik al to let.
 Oars ma'k jinsen oer dat set
 En kom den to let.

8
 Hja rôp „moarn!” en roan mar gau
 Skean-oer troch de greide.
 „Siz my, fanke,” rôp ik nou,
 „Siz, hwêr wenje jou?”
 Mar myn roppen kaem to let,
 Hwent sabeare heard' se 't net.
 En ik wie myn bearske kwyd,
 Feinten, feinten, hwet in spyt!
 En ik wie myn bearske kwyd,
 Feinten, hwet in spyt!

5
 'k Sette 't boatsje ticht oan lân.
 Scoe 'k sa 'n faem net helpe?
 En do joech se my de hân,
 'k Wie hast yn 'e brân.
 „Gean mar op 'e mêstelbank,
 't Boatsjen is net felle rank.
 As ik mar hwet stadich skou
 Farkje 'k jo nei de oerkant gau.
 As ik mar hwet stadich skou
 Bring ik jo der gau.

9
 Mannich kear kaem ik tonei
 Dêr wer mei myn boatsje.
 Mar hwet fisk ik fange mei,
 't Moaiste dat bleau wei.
 Kom ik hjar net wer to sjên,
 Den is al myn rêst forlern.
 Dy 't net oplûkt as it byt,
 Rekket grif syn bearske kwyd.
 Dy net oplûkt as it byt
 Is syn bearske kwyd.

No 12. DE GOUDEN RING.

Moderato.

p. In hut - sje stie der

oan 'e dyk; Jo - han - ne djip yn rou En bleek en mea - ger as in lyk, Siet dêr oan

't wid - ze - tou En song in treu-rich wid - ze - liet, For't bern - tsje, dat sa bit - ter kriet, For

The musical score is written for voice and piano. It consists of three systems of staves. The first system has a vocal line and a piano accompaniment. The second system continues the vocal line and piano accompaniment. The third system also continues the vocal line and piano accompaniment. The tempo is marked 'Moderato.' and the dynamics include 'p.' (piano). The key signature is one flat (B-flat) and the time signature is 3/4. The lyrics are in Dutch and describe a scene where a person is looking at a grave in a ditch, with a song being sung in a sorrowful tone.

p.p.

't bern dat bit - ter kriet, For't bern dat bit - ter kriet.

2

Ei, lytse Nynke, skriem sa net!
 Dat docht dyn mem sa sear.
 't Forseaftet dôch dyn lijen net,
 Al skriemst yet helte mear.
 En 't is my krekt oft dyn gekryt
 My jimmeroan myn kwea forwyt,
 My al myn kwea forwyt.

3

Myn ljeave bern! ik wist alear
 Fen soargen noch fen lêst.
 Ik libbe mei myn âlderpear
 Net weeldrich mar yn rêst.
 Ik repte for ús daegliks brea
 Mei flyt myn soune jonge lea,
 Myn jonge soune lea.

4

En Beint, in feint sa from en froed,
 Hie trou by my de rin.
 Hy miende 't my fen herten goed
 En sette op my syn sin.
 En ik hie bûten heit en mem
 Gjinien dy 'k ljeaver hie as him.
 Dy 'k ljeaver hie as him.

5

Hy brocht my ienkear op in snein
 In moaije gouden ring.
 „Oprjuchte ljeafde sonder ein,”
 Sei hy, „bitsjut sa 'n ding.
 Johanne, dat fiel ik for dy,
 Myn wille is oer as 'k dy net krij,
 Is oer as 'k dy net krij.”

6

'k Wie mei dy jefte tige bliid
 En kocht him ek in ring.
 Ja, skrieme moat ik, as 'k dy tiid
 My wer to binnen bring.
 Och, hwet wie do myn libben swiet.
 Troch my foroare 't yn fortriet,
 Foroare 't yn fortriet.

7

Dyn heit, in rike boeresoan,
 Sloech de eagen ek op my.
 Hy stie my faek op trouwen oan,
 Mar o! dêrfen wie 'k fj.
 Hy liet my lykwol net mei rêst,
 En sa bipraette er my op 't lêst,
 Bipraette er my op 't lêst.

8

Wy trouden gau; mar great fortriet
 Brocht dat for Beint to wei,
 Hwêrom er hûs en hôf forliet.
 Hy naem 't him o! sa nei.
 Hy waerd soldaet, teach yn 'e striid
 En 'k seach him nimmer nei dy tiid.
 Him nimmer nei dy tiid.

11

Mar lytse Nynke, wirdste great,
 Den printsje 'k dit dy yn:
 Sjuch nimmer nei in hége steat,
 Hwent dat is falske skyn.
 Mar folgje de ynspraek fen dyn hert,
 Oars krigest grif birou en smert.
 Oars krigest rouwe en smert.

14

Johanne sei: „Hwet komt my oer!”
 En 't minske wie sa blij. —
 „O! nou is 't libben net mear sûr
 For lytse Nynke en my.
 'k Bin út myn noed en lijen redt.
 Ei, lytse Nynke, skriem sa net.
 Ei Nynke skriem sa net.”

9

Ik krige myn fortsjinne lean
 For myn forkearde set.
 Dyn heit, lichtsinnich fen bistaen
 Paste op syn saken net.
 Hy wie fen hûs by dei, by nacht
 En sloech syn wirk en my gjin acht.
 Sloech my en 't wirk gjin acht.

12

Johanne swei; de doar gyng op:
 In hear yn krychsmansklean
 En mei in hoed mei plommen op
 Seach 't minske foar hjar stean.
 Dat wie, sa 't like, in officier.
 Johanne skilde sikerwier.
 Hja skilde sikerwier.

15

Hja telde 't jild fen dy mynhear,
 Do foun se in ring dêr yn.
 „O!” sei se, „nou wirdt alles klear;
 Wie 'k niis den sjênde blyn?
 Dy hear wier Beint en oars gjin ien.
 Johanne skriemde mannich trien.
 Hja skriemde mannich trien.

10

Syn soundheid en syn jild en goed
 Gyng mei elkoarren wei.
 Hy stoar op 't lêst yn earremoed
 En liet mei dy my nei.
 Nou stiet ús oars net foar de doar
 As krapte en lijen mei elkoar.
 As lijen mei elkoar.

13

Hy rikte mei in frjeonlik wird
 In pong mei jild hjar ta:
 „'k Wit, jonge frou, jou lot is hird,
 En dat mei ik net ha.
 Nim dit, forromje jo der mei!”
 Sa spriek er en teach haestich wei.
 Ja, haestich teach er wei.

16

O, Beint! dy ring joech ik oan dy
 En dy biwarrest dou,
 En mei dy ring fornijste my
 Myn skandlike ontrou nou!
 Dyn jefte helpt my út 'e need,
 Mar o! dyn jefte is ek sa wreed.
 Dyn jefte is ek sa wreed.

N^o 13. ARBEIDERS' JOUNSANG.

Moderato.

mf.

As jouns oeral de klokken liede En dreune troch de

romme loft, Den mei ik fen myn wirk wer skiede, Dêr- om jout dat ge-brom my nocht. In tsjinnich heid yn't wirk to fielen, Sa

hab ik noait net haftich wêst, Mar nei in dei fen ivrich pielen, Forlangje 'kdêrom wol nei rêst. For langje 'kdêrom wol nei rêst.

Graech wol ik den wer nochlik sitte
 En fredich by myn húsjesin.
 Dat moat ik moarns al ier forlitte,
 Om 't nimmen oars hwet krije kin.
 Ik sjuch it wiif al op 'e strjitte
 Mei 't lyts op 'e earim fierkjend stean.
 De boikes rinne my tomiette
 En hingje tripkjend oan myn klean.

'k Moat troch in dei hjar selskip misse
 En dêrom is hjeljoun my swiet.
 Ja, 'k doar it altyd rounút sizze:
 'k Bin bliid as wer de jounklok liedt.
 'k Moat sikerwier in hopen winne
 En 't komt net altyd ryklik om,
 Mar om 't wy goed mei elkoar kinne
 Bliuwt dôch it hert my jimmer rom.

For minsken dy 't fen bodsjen libje
 Bringt oars de wrâld net folle mei,
 En ljuwe dy 't faek tsiere en kibje
 Smite al hjar nocht en wille wei.
 Ho gau scil licht de klok ek liede
 As 'k dragen wird nei 't tsjerkhôf ta.
 Den wol ik graech yn frede skiede
 Fen alles hwet ik ljeafhawn ha.

N^o 14. IT FAMKE EN HJAR BLOMMEN.

Moderato.

p.

'k Scil myn blom - kes

hwet bi - jiet - te, Het - sich wie de sin - ne hjoed, Hja binn' wi - lich fen 'e hjit - te,

Nou docht hjar hwet wet - ter goed. *f* Nou docht hjar hwet wet - ter goed.

2 3 4

Lykwol jout dit kâlde wetter
Jimme net de rjuchte tier.
As 't ris reinde, dat wier better,
Ljeave blomkes, is 't net wier?

Hjirby komt it my tobinnen,
Wyls 't ik jimme sa bijiet,
Dat it my yn 't stik fen minnen
Krekt allyk as jimme giet.

Frijers krij ik faek en folle,
Dy 't ik heel wol lije mei,
Mar ien dy 'k scoe boaskje wolle,
Hwêr komt sa'n ien yette wei?

5
Ien dy 't mei syn ljuenske minne
Safolle ynfloed op my het,
Dat 'k it hâld mei him allinne,
Sa'n ien fyn ik yette net.

6
Lit ús hoopje, ljeave blommen!
Mei 'e tiid, leau dat mar frij,
Seil for jimme in reintsje komme
En de rjuchte feint for my.

N^o 15. DE FOREALE BOER.

Fleurich en flot.

f

f

Kom, Fijke fen Tsjal - hu - zen, Ik ha bi - stek op dy, Hest dou ek sin oan boask - jen? Ei,

boaskje den mei my. Kom mar hwet neijer nei my ta, Ik wol sagraech dy nêst my ha. O 'k sjuch it al oan

rit. mf.

f

dy, Dat docht dy net sa nij. Kom, Fijke fen Tsjal - hu - zen, Kom, weagje t' mar mei my!

2

In greidepleats út tûzen
 Hab ik yn myn gebrûk,
 Ik meltse fjirtich bisten,
 Dêr 'k aerdich hwet fen lûk.
 'k Moat nou in help op 'e side ha,
 Fanke, ho liket dy dat ta?
 Sa 'n tige boerkerij
 Dêr heart in wyfke by.
 Kom, Fijke fen Tsjalhuzen,
 Kom, weagje 't mar mei my.

3

En hwêrom scoeste 't litte?
 Dou bist út boerelaech,
 En sels boerinne wirde
 Wost omers tige graech.
 Kom, stek dyn rjuchterhân my ta,
 Ljeaf fanke, en siz mar golwei ja!
 Ja! 'k sjuch it al oan dy,
 Dou weagst it mei my.
 O, Fijke fen Tsjalhuzen,
 Ho lokkich binne wy.

N^o 16. MOAI WYPKJEN.

Helder - op. *Solo.* *mf.* *Koor.*

Ik bin moai Wypkjen, flink en blij, Fal de ri de ra, ha,

f

Solo. *Koor.* *Solo.*

ha! Fen grin en freamd, fen soargen frij, Fal de ri de ra, ha, ha! By al-le minsken wol bimind,

The musical score is written for piano and voice. It features a key signature of one flat (B-flat) and a 2/4 time signature. The score is divided into two systems. The first system includes a vocal line with lyrics and a piano accompaniment. The second system also includes a vocal line with lyrics and a piano accompaniment. The score is marked with various dynamics and performance instructions.

Koor. Solo. Koor.

Falde-ri-de-ra, fen tra-la-la. By al-le feinten wol bi kend, Falde-ri-de-ra, ha, ha! Fyk-to-ry-a; Fyk-

to-ry-a, Falde-ri-de-ra, fen hup-sa-sa, Fyk-to-ry-a, Fyk-to-ry-a, Falde-ri-de-ra, ha, ha!

2

En alle feinten witte er fen,
Ho swiet moai Wypkjen prate kin,
En ho 't se by in frijer sit
En ho 't se er hjar nei hingje lit.

4

Moai Wypkjen het út frijers kar,
Hwent elk het mar bistek op hjar,
En Wypkje stegert nimmen ou
En nimmen rint by Wypkjen blau.

3

Ei fammen, wês net fûl op my
Omdat ik folle frijers krij.
As Sijke of Luts gjin oanrin het,
Och, dat is myn skild ommers net.

5

En as 'k op 't lêst om boaskjen tink,
Ik wit wol hwa 'k myn hân den skink.
Dy 't meast fen ljeafde bliken jout
En net tofolle flaeit en floút.

No 17. OM 'T JILD.

Moderato.

mf.

Dy 't syn hope en syn for - trou-wen, Set al -

mf.

linne op't wráldske goed, Komt it ier of let to rouwen, Hwent it is mar ebbe en floed; Dy 't in

f

mf.

súvre ljeafde het, Flam-met op 'e ryk-dom net, Flam-met op 'e ryk-dom net.

2

Goasse wier alheel op 't stoeltsje,
 Do 't er Sibbel hadde scoe.
 Nûvre rap wier him syn mûltsje,
 't Wier hast oft er alles koe.
 Modder wier der oan 'e kloet,
 Dat joech Goasse kreft en moed.

3

Mar, o fij! gjin mannich wiken
 Wie hy mei syn hertlap troude,
 Of ús Goasse joech al bliken
 Dat syn domme stap him rout.
 Hwent it wyfke hie 't bifel,
 Goasse wier nin grevel tel.

4

Mei er bûten-út him warre
 En in wird dwaen fen gewelt,
 Dat min scoe der hast op swarre:
 Sikerwier hy is in helt,
 By syn Sibbel yn 'e hûs
 Is er stilder as in mûs.

5

Den is Goasse 'n wollen lape;
 Sibbel is in finnich krib.
 Goasse, heel end al fortrape,
 Kriget ek net folle yn 't rib.
 As er hjar forruilje koe,
 Wit ho hird er rinne scoe.

6

Feinten, as jim trouwe wolle,
 Siikje in kras en snipper wiif,
 Siikje ien mei in soune holle
 En mei hannen oan hjar liif.
 Jild is nochlik as min 't het,
 Mar it is dôch alles net.

N^o 18. DE BOERESTÂN.

Moderato.

The musical score is written for piano and voice. It features a treble and bass clef for the piano accompaniment and a single staff for the voice. The key signature has one flat (B-flat), and the time signature is common time (C). The tempo is marked 'Moderato.' and the dynamic is 'mf.' (mezzo-forte). The piano part consists of a steady accompaniment with chords and moving lines in both hands. The voice part enters in the fifth measure with the lyrics 'Ik wol de boe - re - stân ris romme, En'. The melody is simple and folk-like, with some repeat signs (double dots) indicating repeated notes or phrases.

sjonge in fleu-rich liet hjar ta. Hwent fen de boer moat al-les komme En fen de boer moat elk it ha. De

mf.
wol-feart fen de boe-re-stân, Is wolfeart for ùs he-le lân. Is wol-feart for ùs he-le lân.

2

Forgin, o minsken, greate hearen
Hjar hege rang en oansjên net.
Hja sitte, al binn' se gâns yn eare,
Mei noed en soargen faek biset.
Gjin better libben hjir yn 't lân
As 't libben fen 'e boerestân.

3

De ljuwe dy 't op 't keassen sitte,
En oer in oar as hearskers stean,
Ha gau mear haters as se witte,
En ontank is sa faek hjar lean.
De boer bistjurt syn hûs en lân
En fynt syn lean mei eigen hân.

4

De ljue dy 't faek hjar swiid formeitse
Mei hearlik iten, swiete wyn,
Dy moatte mannich nacht trochweitse
En lije folle smert en pyn.
De boer yt fen syn eigen lân,
Bihâldt syn soundheid en forstân.

Ek gûds, dy 't greate hânnel driuwe,
 Binn' fier om utens faek yn need.
 De boer kin by syn wyfke bliuwe
 En deelt mei hjar yn ljeaf en leed.
 Dus fammen fen de boerestân,
 Jou nimmen as in boer de hân.

Hwa seoe de boerestân net romme,
 En sjonge in fleurich liet hjar ta?
 Hwent fen de boer moat alles komme,
 En fen de boer moat elk it ha.
 Troch him bistiet it hele lân,
 Hoesé, hoesé, de boerestân!

N^o 19. DE MAITIID.

Helder - op.

De winter teach wer hin - ne, De maitiid is wer-

om. Ho ljeaflik skynt de sin - ne, Hwet pronkt er mannich blom. Kom, Blijke, 'k scil dy lie - de, Troch

't moaije griene lân, Kom, lit fen my dy rie - de, En jou my frij de hân. O, sjuch ris, hwet is

alles bliid! Blijke, lit ús fleurich wêze, 't Is dêrfor de rjuchte tiid, 't Is de rjuchte tiid.

2

De fûgels yn 'e finnen,
 De fisken yn 'e mar
 Binn' wol to moed en 't minnen
 Jout fleur yn 't libben hjar.
 Wy wolle ús ek mei 't frijen
 Formeitse yn 't bliere grien.
 Kom, Blijke, wês net mijen;
 Dou witst ho goed ik 't mien.
 Al hwet him reppe kin is bliid,
 Scoene wy net fleurich wêze?
 Blijke, 't is de rjuchte tiid,
 It is de rjuchte tiid.

3

De blomkes dy 't hjir tierje,
 Hjar moaijens giet foarby,
 En takomm' jier den blierje
 Der blomkes wer op nij.
 Us fleur en jonkheid binne
 Forgongklik as in blom,
 Mar geane se ienkear hinne,
 Hja komme net werom.
 Dêrom, myn famke, wês nou bliid.
 Ytte meiste fleurich wêze,
 't Is dêrfor de rjuchte tiid,
 It is de rjuchte tiid.

№ 20. IDS EN LUTSKE.

Moderato.

Ids teach nei Tsjommermerke ta, Om wille en nocht to krijen. Hy

sei: „K Wol joun in fryster ha, Ik hab ris sin oan frij - en.“ In faem hie' op 'e loer; 't Wie Luts fen Tsjeppebûr, Dy spile'm yn syn

sinnen. En do't er kaem yn't merkgewoel, Do seach er hjar al rinnen. En tocht: dou bist myn doel.

Do 't mei 'e tiid de jountiid kaem
 Wie 't him om 't hert sa bjuster,
 Mar do 't er hjar geweken naem
 By 'n fafelkreame yn 't tsjuster,
 Wie 't: „Luts, ho is 't mei dy?
 Kom, merkje nou mei my!”
 Scoe hja dat ôfslaen kinne?
 Né, Luts wie goed by hjar forstân.
 Ei sjuch, dêr gean se al hinne
 Togearre hân oan hân.

't Gyng dêrmei op 'e herberge oan
 En gau trep-op nei boppen,
 Dêr seach er elk frijpostich oan.
 En ridlik gau wie 't roppen:
 „Kastlein, in flesse wyn!
 Der moat hwet sûker yn.
 Ik wol 't er goed fen nimme
 En joun ris tarre tsjin in hear.” —
 Hwa scoe 't him kwealik nimme?
 It wie syn earste kear.

Hwet wieren Ids en Lutske bliid,
 Hwet koene se aerdich prate.
 Hy brocht hjar thús de moarns bytiid,
 En do 't er fen hjar skaette,
 Do sei er: „Hark ris, faem,
 As 'k wer ris by dy kaem,
 Dat scoe dy, hoopje 'k, flije.”
 Dêrop sei Lutske gol fen ja!
 En mei in wike of trije
 Teach Ids er wer op ta.

Sont hadde er wol ris feinten stikt
 Om Luts oan 't snoer to krijen,
 Mar nimmen het syn doel birikt,
 Hwent Ids dy mocht se lije.
 En hy ek hâlde hjar
 Boppe oaren fier for kar.
 Hja koene op elkoar bouwe.
 Hja frije nou al fjouwer jier,
 En maeije scill' se trouwe,
 Ha 'k sizzen heard for wier.

N^o 21. SIMMERMOARN.

Allegretto.

The musical score is for a piece titled "Simmernoarn" (Morning), marked "Allegretto". It is written in 3/8 time and the key of B-flat major. The score consists of two systems. The first system shows the piano accompaniment for the first eight measures, with a melody line in the right hand and a bass line in the left hand. The second system shows the vocal melody with lyrics in Dutch, accompanied by the piano. The lyrics are: "Hwet bist dou ljeaf - lik, Riiz - jen - de sim - mernoarn! 't Opgean - de sin - tsje La - ket my oan."

mf.

mf.

Hwet bist dou ljeaf - lik, Riiz - jen - de sim - mernoarn! 't Opgean - de sin - tsje La - ket my oan.

p 't Hoan-tsje kraeit kû - ke - lû, 't Don-ke ropt roe - koe - koe. *mf* Ik wol ek sjon - ge Fleurich fen toan.

p

2
 Alles hwet libbet
 Docht er nou sines by,
 . Fôltsjes en kealtsjes,
 Hynsders en kij.
 Goeskes dy snetterje,
 Skiepkjes dy bletterje,
 Lamkes dy springe
 Nuvere blij.

3
 't Ljurkje yn 'e wolken,
 d' Eintsjes yn 't lizich wiet,
 Moskjes en swealtsjes
 Elk sjongt syn liet.
 d' Eabarren klapperje,
 Ljeapkes wjukwapperje,
 Skries op 'e hikke
 Ropt grito griet.

4
 'k Woe for gjin goune
 Dat 'k yet to sliepen laei;
 't Is my sa nochlik
 Ier op 'e dei.
 Protters dy tsjotterje,
 d' Eksters dy skatterje.
 Alles is fleurich,
 Ik bin it mei.

N^o 22. OAN SIJKE.

Bidaerd en fielend.

p Al - der - ljeafste Sij - ke, Skatsje fen myn

p

hert, Hwêrom fynst dyn wil - le Jimmer yn myn smert? Jimmer yn myn smert?

2
Hwêrom slachtst myn wurden
Altyd yn 'e wyn?
Hwêrom wost net leauwe
Dat 'k dy aerdich fyn?

3
Hwêrom meist net hearre
Dat ik praet fen min?
Hwêrom bin dyn sinnen
Altyd tsjin myn sin?

4
Is 't om my to hifkjen
Oft ik bin oprjucht,
Of as ek myn ljeafde
Lyk as tsjêf forfljucht?

5
Is dêrom dyn siikjen?
Wist ik dat mar klear,
Den wier my dyn pleagjen
Net sa pynlik mear.

6
Wirdt myn hertewinskjen
Ienkear mār forfold,
Al seil 't jierren dûrje,
Den ha 'k wol geduld.

N^o 23. IISSANGKJE.

Ienfâldich. *mf.*

Op in win - ter -

snein - to - joun, Hie 'k de re - dens on - der boun, 'k Ried yn twein - tich tel of sa

Nei it Wols - mer - kjet - ting ta. Dêr seach ik lyt - se Tsjam - ke, Myn Tsjam - ke, Myn

Tsjam - ke, Dêr seach ik 't ljeaf - ste fam - ke, Dat ik oait ken - nen ha.

2

'k Trof hjar oan dêr op 'e. baen,
 'k Seach hwêrom 't hjar wie to dwaen,
 En do wier ik net sa slûch,
 Dat 'k hjar myn hân net joech.
 Do ried ik hwet mei Tsjamke,
 Myn Tsjamke, myn Tsjamke.
 't Wier swiid ho ljeaf dat famke
 Hjar hân yn mines sloech.

3

Mannich feint ried mei in faem;
 As er den op 't ein wer kaem
 Ried er wer by de iene wei
 En naem in oare mei.
 Mar ik ried mei myn Tsjamke,
 Myn Tsjamke, myn Tsjamke,
 En mannich aerdich famke
 Wier dat sa yn 'e wei.

4

'k Gyng mei hjar de herberge yn,
 'k Easke dêr hwet brandewyn,
 Mar do 'k mei nei hjarres ried,
 Do wie se earst op 'e tried.
 Do frijde 'k hwet mei Tsjamke,
 Myn Tsjamke, myn Tsjamke,
 Seaftsedich as in lamke.
 Hwet praetten wy do swiet!

5

Talsma, Vos en Kastelein,
 Wounen prizen fier en hein,
 Mar hwa riedt hwet ik wol woun
 Dyselde sneintojoun?
 Ik woun it hert fen Tsjamke,
 Myn Tsjamke, myn Tsjamke,
 Ik woun it ljeafste famke
 Fen heel de fryske groun.

6

Hja nimt my boppe al for kar.
 'k Hab it nou al klear mei hjar;
 As de maitiid komt yn 't lân
 Forbynt ús de echte bân.
 Den trou ik mei myn Tsjamke,
 Myn Tsjamke, myn Tsjamke.
 Den trou ik 't ljeafste famke
 Fen 't hele fryske lân.

No. 24. WOPKE EN BEITSKE.

Moderato. mf.

As Beits-ke gyng to

mel- tsen, Den kaem se't bosk foar - by, Dêr 't Wop - ke hof - ker beu-zich wie, It fein-tsje dêr 't se

hert for hie, Ja hert for hie, Ja hert for hie. Hjar bêste frjeon wie hy.

2

Den song er faek in sangkje
 By d' oarfang fen 'e dei.
 Den song er moai fen ljeafde en min
 En dat gyng Beitske wol nei 't sin,
 Ja, wol nei 't sin,
 Hja harke er nochlik nei.

3

Mar ienkear op in moarntiid
 Do heard se 't sjongen net.
 Do tocht se: Fij! hwet skeelt er oan?
 Hy song for my, dat wit ik skoan,
 Dat wit ik skoan.
 Hwet nou dy jonge let?

4

Hy het my yet net frege,
 Mar o! safolle al sein.
 Och heden! het er nou miskien
 Syn sin set op in oaren ien,
 In oaren ien?
 'k Wist den myn leed gjin ein.

5

6

7

8

En Beitske wier mismloedich	Mar sjuch, do 't se yn 'e greide	„Ik woe dy efkes pleagje	„O, hwet in alteraesje!
En Beitske seach bidest.	Roan eft'r 'e meltse kij,	En wierst nou al yn noed?	Fij, fij, sok nuver dwaen!
Ik wit net hwet ik tinke moat;	Do sprong hy út 'e greppel op	To gau, o Beitske, biste bang,	Ja Wopke, 'k tocht al kwea fen dy,
Kaem den syn praet net út it hert?	En sei: „Goemoarn, myn ljeave pop!	To gau, o Beitske, tinkste strang,	En dat wier glêd forkeard fen my,
Net út it hert?	Myn ljeave pop!	Ja, tinkste strang,	Forkeard fen my,
Ha 't losse praetsjes wêst?	Ik bin hjir komd om dy.	Ei fanke, da's net goed.“	Dou maste 't my forjaen.”

№ 25. FEN IN FAMKE EN IN SKIPPER.

Allegretto.

The musical score is written for voice and piano. It features a treble and bass clef for the piano accompaniment and a single treble clef for the voice. The key signature has one flat (B-flat) and the time signature is 6/8. The tempo is marked 'Allegretto'. The score is divided into two systems. The first system contains the first two lines of the song, and the second system contains the next two lines. The lyrics are written below the voice line, with some words split across lines. The piano accompaniment consists of chords and moving lines in both hands.

Der kuire's in famke al -

lin - ne. Oan't strân en in boat laei dêr rê. De skipper rôp fleurich fen sin - nen: „Ljeaf famke, far mei oer 'e

sé! 'tIs krekt nou de tiid om to far - ren, It sintsjeskynt ommers sa klear. Kom harren, ljeaf famke, kom

har-ren! Gryp moed en bi-ried dy net mear." Gryp moed en bi-ried dy net mear."

2

It famke waard read en forlegen,
 Yet doarst se net sizze fen ja.
 Dêr rôp in gesjong fen omhegen
 Swietlâdich en ljeaflik hjar ta:
 „Gean farren, ljeaf famke, gean farren!
 It sintsje skynt ommers sa blier.
 Dou bliuwste for onheil biwarre,
 It scil dy net rouwe, sawier!”

3

Mar mem stie mei triennen yn 'e eagen,
 It skieden, it missen docht sear.
 Wer klonk it gesjong fen omhegen
 Hjar ljeaflik en nochlik yn 't ear.
 „Lit farre, 't jong pearke, lit farrel!
 Fen aerd en fen jierren allyk.
 Hja binne mei elkoar biwarre,
 Troch deugd en ienriedigens ryk.”

4

It famke liet gau hjar oerwinne,
 De skipper rôp fleurich: „Hoesé!”
 Dêr dreauwen de weachjes hjar hinne
 Al dounsje oer d' effene sé.
 Bliuw farren, jong pearke, bliuw farren,
 By 't sinljocht fen wolfeart en rêst!
 Bliuw jierren for elkoar biwarre,
 Fen swierrichheid frij en fen lêst.

Nei Staring.

N^o 26. SANGKJE FEN OEGE DE SLÛGE.

Fortellende *mf.*

Do 't Oe - ge kaem yn 't sauntsiend

mf.

jier, Do krige er sin oan frij - en. Hy mym - re dêr - oer let en ier, Mar wier in byt - sje mij -

p *mf.*

en. Hy hie syn sin nen set Op Sa - pe skip - pers Tet. Graech woed er by hjar kom -

The musical score is written for voice and piano. It consists of three systems of staves. The first system has a vocal line and a piano accompaniment. The second system continues the vocal line and piano accompaniment. The third system also continues the vocal line and piano accompaniment. The tempo is marked 'Fortellende' and the dynamics are marked 'mf.' and 'p'. The key signature has one flat (B-flat) and the time signature is 3/8. The lyrics are in Dutch and are written below the vocal line.

me, Mar doarst it si-ker net bi-stean, Om sa mar on-biskrom-me Nei hjar-res ta to gean.

2 3 4

Dôch einlings tocht er, 't is to dom!
 Ik moat dat fen my smite.
 Ik jou er ek gjin wealich om,
 Hjar heit seil my net bite.
 Ik wol der joun op ta;
 In dikkop Hannema (*)
 Seil 'k earst er binnen sette,
 Den ha'k in bytsje better moed.
 Hwet scoe my langer lette?
 Ik wit myn weetsje goed.

De jouns, jawol! dêr kaem er oan
 Mei 'n tige reade holle.
 It wier to merken, o sa skoan,
 Dat feintsje hie tofolle.
 Hy praette er raer yn om,
 Sa knoflich en sa krom.
 Mar lykwol koed er bliuwe.
 Dat hy dêr kaem as boeresoan
 By sljuchtwei boargerljuwe,
 Dat stie de faem wol oan.

Mar do 't se 'm oan 'e side hie
 Do roek er fen jenever,
 En om 't se dêr in mier oan hie
 Siet Tet al gau hwet skever.
 En sa waard, ta syn spyt
 It frijen net in byt,
 Ek sei de faem net folle.
 Op sa 'n menaer waard Oege slûch
 En sûzich yn 'e holle,
 Sa dat er him bijoech.

(*) Jenever fen Hannema, to Harns.

De faem sei: „Ljeave ginst noch ta!
 Sa mei 'k dy ek net lije.”
 Do woe se 'm wer towekker ha,
 Mar koe 'm net wekker krije.
 En hwet bitocht se do?
 Al hwet se fine koe
 Dat tûge se om him hinne,
 Fen amers, tobbe en sok gerei.
 Sa liet se 'm dêr allinne
 En naem de lampe mei.

Do bûtenom nei 't finster ta
 Dêr 't Oege siet to slomjen,
 En mei hjar fûsten alle twa
 Bigoun se er op to tromjen.
 Dat bearde sa, nou, nou!
 Dat Oege dealse gau
 Forheard towekker skille.
 Och, grytsjemoai! hwet waard er kjel.
 Hy bibbere en hy trille
 En sprong hast út syn fel.

Hy tjirge 'm bjuster, sloech en skôp
 As wier er stabeldronken.
 Hy kaem to fällen, bearde en rôp:
 „Ik brek hjir hâls en skonken.”
 Hy rekke ta bislút
 Dôch ta de doaren út.
 Do koed er tige rinne;
 't Wie suver oft er stellen hie.
 Hy fleach oer alles hinne,
 Do 'r op 'e romte wie.

Mar minsken! do hie 't skik noch roai
 Hwet Oege hie to lijen.
 Dy grap wier ommers fiers to moai
 For Tet om stil to swijen.
 It fleach al de earste joun
 De hele bûrren roun.
 En seach it jongfolk Oege,
 Den waerd er pleage fen bilang,
 De namme fen „de Slûge”
 Bihâlde er wit ho lang.

Dus feintjes, ha jim hwet yn 't sin,
 Sjuch deales om jim hiune.
 Pas op! de fammen litte min
 Hjar goed bigripe en kenne.
 Stiest yn hjar ginst ienkear,
 Wel man! den biste klear,
 Den krigest wille op ierde.
 Mar hest dat folkje ta partij,
 Den scoe 'k om bêst dy riede
 En lit de frijerij.

N^o 27. IN ALD MAN EN IN JONGFAEM.

Net to fluch.

mf.

Kom faem, lit ús mei

el - koar gean, 't is - ien - lik op 'e wei.

Don witst wol ho 'k er on - der stean, Da 'k

dy wol lij - e mei. Ei kom! hwet skeelt jo, âl - de gek? Tink hwet jy siik - je

siik - je 'k ek, Rin my net lan - ger nei. Rin my net lan - ger nei.

2

3

4

5

Bitink da'k lân en grounen ha
 En jild by 't kroadtsjefol.
 Dêr kinst dyn wille mei fen ha,
 Ast wotte sa 't ik wol.
 Jou rykdom, man, dêr laeitse 'k om.
 Sa'n great forskil yn âlderdom
 Is my to gek en dol.

Ik wol dy alles dwaen nei 't sin
 As 'k dy ta wyfke krij,
 En as 'k dyn miening riede kin
 Den bist fen sizzen frij.
 Al bleauwen je oan dy wurden trou,
 Dôch hie 'k in tsjinnichheid yn jo.
 Jy passe net by my.

Ik bin wol âld, mar lang net min.
 Ik kin yet oer 'e hoed,
 Plesier en sjongen is myn sin,
 'k Bin altyd bliid to moed.
 Sa'n hôle smoel, sok skimlich hier!
 Fij man! tink ljeaver om 'e bier.
 Dat foeget wol sa goed.

Ik winskje in frijer my allyk,
 Gjinn oerfloed en gjinn brek.
 Dy 't dêrby frede het is ryk.
 En dêrom, âlde gek,
 Ik seil jo sizze krekt sa'k tink:
 Jy siikje in oanhâld jong en flink
 En sa'n ien siikje 'k ek.

Frij nei BREDERO.

№ 28. IT FLEURIGE FAMKE.

Fleurich

mf.

f

Ik bin in fam-ke flink en jong, Yet on-bisoarge en frij, Ik

wit fen gjin swier-set-tich-heid, En 'k bin fen gri-nen fij. En 'k bin fen gri-nen fij.

Fen sjongen, laetsen hâld ik wol,	'k Bin krekt as Iefke, ús oarremem,	'k Bin fen 'e mánljue ek net bang.	Sa komt it dat ik bliid to moed
Mei 'n grapke dêr by lâns.	In bytsje licht fen sin.	Om 't mem my trochdien het,	En gjin fisnoaske bin.
Myn rykdom is in fleurich hert,	Ik hâld fen nijs en klaei my graech	Wy binne om 't manfolk yn 'e wrâld,	Gelokkich, rom om 't hert en jong
Myn kroane in blommekrâns.	Sa kreas as 't sahwet kin.	Mij ik de feinten net.	Ha 'k gjin forkeards yn 't sin.

Frij nei 't Hollânsk.

N^o 29. NEI REIN KOMT SINNESKYN.

Helder - op.

mf.

Nei rei - nich waer komt sin - ne - skyn. Dit

mf.

p

wird sa âld, Is yn 'e wrâld Oer - âl bi kend: yn 't su - der - lân Krekt as oan 't kâlde noar - der strân. Ek oan 'e Do - nau,

Seine en Ryn Komt altyd rein nei sin-neskyn. Komt altyd rein nei sin - ne - skyn.

2

En dêrom, minsken, klei sa net.
Rint yn 't bigjin It lot ús tsjin,
Tink den: nei lijen en fortriet
Komt faken wille en libbensswiet.
De hele wrâld is gjin woestyn.
Nei rein komt altyd sinneskyn.

3

Is 't iten soms net goed bislein,
Of is dy 't miel Hwet al to skrielt,
De strou forbarnd of 't flêsk net gear,
Och tink, it is mar for in kear.
Licht dat ik 't moarn wer better fyn.
Nei rein komt ommers sinneskyn.

4

Is soms it wyfke dwers en steech,
Dat 's sikerwier In likk biswier.
Mar bliuw koelbloedich en swij stil;
Tink dat it gau bidarje seil.
Hwent stilte komt nei hirde wyn
En nei in reinbui sinneskyn.

5

Is somtyds ek dyn bûse plat,
De hoed hwet feal En 't jasje keal,
Mei koarten rinst fen kop ta tean
Wer yn in gloednij pakje klean
F'en lekken o! sa glêd en fyn.
Nei reinich waer komt sinneskyn.

6

As dy in greatske domkop hûnt
Of gek-oanstekt En likk forsprekt,
Tink dat sa'n fint net better wit.
En wizer minsken binne er yet.
Net elk is haetlik fol fenyn.
Nei rein komt stielich sinneskyn.

7

Of leit in falske snaek dy leech.
En docht dy sear En krintk dyn ear,
En makket dy by oaren min
Troch dat er krûpe en flaeije kin:
Forfal dêrom net ta gegryn.
Pas op! nei rein komt sinneskyn.



— 〇 — YNHALD. 〇 —

№. 1.	Doaitse mei de Noardske Bâlke.	Blêds. 1.
	Mei de pin poen ik myn snaren, Sjongend reisgje ik troch de wrâld:...	
„ 2.	Fryslân boppe!	„ 2.
	Fen alle lannen op 'e wrâld, Is 't Fryslân dêr't ik meast fen hâld,...	
„ 3.	Myn Marij.	„ 4.
	Dêr yn dat tropke beammen, Dêr stiet dy âlde toer,...	
„ 4.	Ruerd.	„ 5.
	Langlêsten op in sneintojoun, Kaem Ruerd de bûren yn, Hy hie in blauwe skine roan, By Haitse Nijboers Tryn....	
„ 5.	Iebel op 'e Dille.	„ 7.
	In fleurich jong famke, sa kreas en sa kein, Dy wie ris oer iis nei de Dille ta tein....	
„ 6.	De lêste Weide.	„ 9.
	Kom frou, de panne moat to fjûr! De lêste weide hea komt oer....	
„ 7.	De moaiste Faem fen Rypstermerke.	„ 11.
	Rypstermerke wier yn 't lân: Fammen kuiren hân oan hân....	
„ 8.	It Doarpslibben.	„ 13.
	Wy libje rêstich yn ús gea, 't Scoe mannich-ien fortrette...	
„ 9.	Moai Anke.	„ 14.
	Moai Anke wie traech en oerlangsum foarhinne, Hja stiek ljeafst gjin hân út 'e mouwe....	
„ 10.	Ferwerssangkje.	„ 16.
	Ik bin ferwer, ik bin striker, Strike moat ik dei by dei, Mar ik wird nin grevel riker, Ho't ik my ek warre mei,...	
„ 11.	De Angelfisker.	„ 18.
	Op in simmermoarn bytiid Foer ik mei myn boatsje, Om to fiskjen oer it wiid, En ik song sa bliid....	
„ 12.	De gouden ring.	„ 20.
	In hutsje stie der oan 'e dyk; Johanne djip yn rou En bleek en meager as in lyk, Siet dêr oan 't widzetou....	
„ 13.	Arbeiders-Jounsang.	„ 23.
	As jouns oeral de klokken liede En dreune troch de romme loft,...	
„ 14.	It Famke en hjar blommen.	„ 24.
	'k Seil myn blomkes hwet bijiette, Hetsich wie de sinne hjoed,...	

№. 15.	De foreale Boer.	Blêds. 25.
	Kom Fijke fen Tsjalhuzen, Ik ha bistek op dy....	
" 16.	Moai Wypkjen.	" 27.
	Ik bin moai Wypkjen flink en blij, Falidera, ha, ha!...	
" 17.	Om 't Jild.	" 29.
	Dy't syn hope en syn fortrouwen Set allinne op 't wrâldske goed,...	
" 18.	De Boerestân.	" 30.
	Ik wol de boerestân ris romme En sjonge in fleurich liet hjar ta....	
" 19.	De Maitiid.	" 32.
	De winter teach wer hinne, De maitiid is werom....	
" 20.	Ids en Lutske.	" 34.
	Ids teach nei Tsjommermerke ta Om wille en nocht to krijen....	
" 21.	Simmermoarn.	" 35.
	Hwet bist dou ljeaflik, Riizjende Simmermoarn, 't Opgeande sintsje Laket my oan....	
" 22.	Oan Sijke.	" 36.
	Alderljeafste Sijke, Skatsje fen myn hert....	
" 23.	Iissangkje.	" 37.
	Op in wintersneintojoun Hie 'k de redens ûnder boun, 'k Ried yn tweintich tel of sa Nei 't Wolsmer kjetting ta....	
" 24.	Wopke en Beitske.	" 39.
	As Beitske gyng to meltsen, Den kaem se 't bosk foarby....	
" 25.	Fen in Famke en in Skipper.	" 41.
	Der kuire 's in famke allinne Oan 't strân en in boat laei dêr rê....	
" 26.	Sangkje fen Oege de Slûge.	" 43.
	Do't Oege kaem yn 't sauntsiend jier, Do krige er sin oan frijen....	
" 27.	In Aldman en in Jongfaem.	" 45.
	Kom faem, lit ús mei elkoar gean, 't Is ienlik op 'e wei....	
" 28.	It fleurige Famke.	" 47.
	Ik bin in famke flink en jong, Yet onbisoarge en frij,...	
" 29.	Nei Rein komt Sinneskyn.	" 48.
	Nei reinich waer komt sinneskyn. Dat wird, sa âld, Is yn 'e wrâld Oeral bikend; yn 't Suderlân krekt as oan 't kâlde noarderstrân;...	